



De geast wurdt ryk troch wat it kriget, it hert wurdt ryk troch wat it jout

Op 'e Skille

Ferskynt hûs oan hûs yn 'e Greidhoeke

Kerk is nu van alle gemakken voorzien

Oude zerken voortaan zichtbaar, maar grafsteen Roorda verdween weer onder de vloer

pagina 3>



Ieufest yn Nij Stapert Wommels

Hûndertjierrige Doet Abma-de Jong hâldt sels noch graach de rezjy yn hannen

pagina 5>



De passie van Thea en Sander Metz

Vorbereidingen voor Keunstrûte Littenseradiel op 16 en 17 mei zijn al in volle gang

pagina 7>

Leafde yn it geheim: mei in sjaal om gesicht oer strjitte

Wommels - „Tom is wol wat foar my. Dit is 'm", wie yn septimber fan ferline jier de reaksje fan de 30-jierrige kapster Rimke Visser, doe't se op de tillevyzje de knappe tulpenboer Tom seach. Hy wie ien fan de dielnimmende boeren oan it populêre datingsprogramma *Boer zoekt vrouw*. Rimke, dy't by kapsalon MetzStyle yn Wommels wurket, waard troch Tom útkeazen. Hân yn hân gongen se op reis nei Kroatië. Mar it fonkje waard net in flam. „We ha gjin relaasje", seit Rimke goed fiif wike nei de lêste opname, dy't ôfrûne snein útstjoerd waard. „Mar it wie wol in moaie en bysûndere ûnderfining."

Troch Hinne Bokma

Lykas achttjinhûndert oare froulju skreaun Rimke in brief oan Tom. Se kaam by de lêste tsien, oerlibbe de spannende speeddate en mocht mei twa oare froulju fiif dagen by de tulpenboer útfanhûs. Healwei de wike rekke de kapster der hieltiten mear fan oersjoege dat Tom foar har kieze soe. Hy liet it net oankomme op it keuzemoment. „It momint feraste my. Ik wie oerdonderre."

Nei de 'citytrip' krigen de steltsjes mear tiid om by-inoar te wêze. Mar dat moast wol yn it geheim barre. Oant de lêste útstjoering ta mocht nimmen witte hoe't it ôfrinne soe. Dan soe de spanning út it programma helle wurde. „As Tom by my kaam dan hie er in sjaal foar it gesicht en in sinnebril op en dan



Rimke Visser: 'Ik tocht hieltiten: tink der om, hiel Nederlân sjocht nei my.'

Foto: Hinne Bokma

gongen daliks de gerdinen ticht. Net ien mocht ús sjen. Lokkich siet de buorfrou yn Spanje", fertelt Rimke. Tegearre út iten of nei de film wie der net by. „In spannende tiid." Yn de ôfrûne moannen leine de kamera's hast alles fêst. Rimke begûn der stadichoan wat oan te wennen. Fansels spilen ek by har de senuwen. Dan trillen har

lippen. Se besocht harsels te bliuwen. „Ik tocht hieltiten: tink der om, hiel Nederlân sjocht nei my." Doe't begjin jannewaris bekend waard dat Rimke yn it programma *Boer zoekt vrouw* siet, wiene de reaksjes oerweldigjend. It wiene meastentiids positive reaksjes, ek yn de kapsalon yn Wommels. Fan in klant krige se sels in boskje

blommen. Bern fregen oft se wol troch Rimke knipt wurde mochten. Op de beurs Vrouw yn it WTC yn Ljouwert, dêr't MetzStyle mei in stand stie, wie der fansels in protte omtinken foar Rimke. No't it programma dien is hopet de kapster dat alle belangstelling stadichoan wer wat fuortsakket. „Dat ik wer normaal troch de supermerk

rinne kin en dat de minsken in bytsje minder nei my sjen sille." Fan negative reaksjes op social media hat se trouwens net folle lêst hân. „Wat dat oanbelangt ha ik neat te klaaien."

Rimke op kursus

Troch har dielname oan *Boer zoekt vrouw* moast Rimke Visser gauris ferstek gean litte yn de kapsalon MetzStyle oan de Terp yn Wommels. Om geheim te hâlden dat se by boer Tom wie waard mar ferteld dat Rimke op kursus wie. De kollega's bleaunen wol op 'e hichte. Ek tidens de útfanhûzerij by de tulpenboer yn it Noardhollânske Nieuwe Niedorp wie der alle dagen kontakt. „We appten jûns", fertelt eigeneres Metsje Huitema.

De dielname fan Rimke oan it populêre tillevyzjeprogramma joech wol reuring yn de kapsalon. „We fûnen it machtich moai om mei te meitsjen", jout Metsje oan. It hat de bekendheid fan MetzStyle wol fergrutte. Foaral de dielname oan de beurs Vrouw yn it WTC yn Ljouwert hat dêr ta bydroegen. Rimke stie trije dagen op de beurs. „Dat wie in sukses." No't it programma foarby is hoecht Rimke net mear op kursus. „Al hiene we it wol hiel fijn fûn as se it gelok yn de leafde fûn hie."

Keten Littenseradiel straks besloten clubs

Wommels - De jeugdketen in de gemeente Littenseradiel mogen toch open blijven. Onder voorwaarden wil het college van burgemeester en wethouders de keten gedogen. Zo moeten de gebruikers volgens het systeem van een besloten club werken met een ledenlijst en daarmee wordt voorkomen dat de keten openbare drinkgelegenheden zijn.

In augustus van vorig jaar stelde het college van B en W de raad voor om de keten niet langer te gedogen. De gemeente wilde niet langer medeverantwoordelijk zijn voor de gevolgen van mogelijke

incidenten en ongevallen die in de keten kunnen plaatsvinden. B en W constateerde dat in de keten veelvuldig alcohol wordt genuttigd.

Op advies van de gebruikers en eigenaren van de keten werd door de raad besloten een werkgroep in te stellen. Samen met het college zijn door de werkgroep tien regels geformuleerd waaraan de keten moet voldoen. Na drie overredingen gaat de keet dicht, stelt het college nu aan de raad voor. Het nieuwe ketenbeleid staat komende maandag 30 maart op de agenda van het Rûntepetear.

Openingsfeest de Jister in Easterlittens

Easterlittens - De inwoners van Easterlittens vierden afgelopen zaterdagavond 21 maart de heropening van het multifunctioneel centrum de Jister. Het in 1991 gebouwde dorpshuis werd voor 550.000 euro opgeknappt. De opening werd verricht door Teat Toering en Antine Wup. Zij zijn de oudste en jongste gebruiker van het dorpshuis.

Bij de verbouwing ging de kantine van de begane grond naar de eerste verdieping. Ook is het gebouw, dat grenst aan het sportveldencomplex, voorzien van een nieuwe keuken, kwam er een goederenlift en werden er twee extra kleedboxen



Antine Wup en Teat Toering namen de opening voor hun rekening.

gebouwd. Alle andere kleedboxen zijn voorzien van nieuwe douches, nieuw tegelwerk en vloeren. Verder is de bestrating aangepakt en is het

gebouw opnieuw geschilderd en zijn de daken vernieuwd.

Voor de verbouw wist de Stichting beheer multifunctioneel centrum de Jister vijf ton bij elkaar te krijgen. Om de plannen uit te kunnen voeren moest er nog 50.000 euro geleend worden. Subsidieverstrekters waren de provincie Fryslân, de gemeente Littenseradiel en diverse fondsen. Ook waren er giften uit eigen dorp en werden er diverse acties gehouden om geld in te zamelen. Aan de verbouw werkten 120 vrijwilligers mee. De kerk schonk de grond, die nodig was om de uitbreiding mogelijk te maken.

 **Timmer- & Aannemersbedrijf van Ruiten**

LET OP: LAGE BTW NOG TOT 1 JULI

INFO@AANNEMERVANRUITEN.NL • 06 - 24 629 763 • WOMMELS

LYTSE DOARPEN RINTOCHT

Zaterdag 18-04-2015 in Easterlittens www.lytsedoarpenrintocht.nl

10

It Dielshûs

zanger Ruud Bos

bekend van: **Café Bolle Jan**

zo 5 april 21.00 uur

Paaszondag Amsterdamse Avond!
Met o.a. Hazes en De Vrolijke Koster!

www.itdielshus.nl

In deze Op' e Skille:



Speciale zwembad bijlage

Bewaak Exemplaar

zwembad de klomp